

# Moasje

(artikel 71 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

## Frijstelling betelle parkearren foar sporters Sportstad

---

**Dizze moasje heart by** : Parkeartariven

**Yn de iepenbiere gearkomste fan** : 11 december 2025

---

Tsjinnet it folgjende riedslid dizze moasje yn:

A. Eijer, FNP



---

### Wy stellen fêst dat:

- it kolleezje fan B&W fan doel is om foar it gebiet om Sportstad hinne in regeling foar betelle parkearjen út te wurkjen;
- in grut tal ynwenners, lykas âlders mei bern op swimles, sporters en refalidaasjepasjinten, meardere kearen yn 'e wike gebrûk makket fan de foarsjennings fan Sportstad;
- betelle parkearjen foar dizze groepen in finansjele drompel wêze kin om diel te nimmen oan sport en beweging;

### Wy hawwe neitocht oer en fine dat:

- de gemeente It Hearrefean sport, bewegen en sûnens aktyf stimulearje wol;
- ferskate gemeenten mei sukses wurkje mei digitale frijstelling- of koartingsregelingen foar fêste brûkers fan sportfoarsjenningen, sûnder negative ynfloed op de parkeardruk;
- in frijstellingsregeling it parkearbelied earliker en better útbalansearje kin;

**Wy stellen de rie foar om it folgjende beslút te nimmen:**

**Wy freegje it kolleezje om :**

- yn oerlis mei Sportstad It Hearrefean, in útfierbere regeling út te wurkjen wêryn sporters en brûkers fan it swimbad dy't meidogge oan lessen, trainingen of oare fêste aktiviteiten, frijsteld wurde kinne fan de parkearheffing of in passende koarting krije;
- en de rie hjirby te ynformearjen by de fierdere útwurking fan de plannen foar betelle parkearren.

---

Dizze moasje is: ynlutsen

de griffier,

de voorzitter,

L. Roest-Jonkers

M.A. Fokkens-Kelder